



Zorgen over iemand met verward gedrag? Laat het weten via het Meld- en adviespunt verward gedrag

Sinds mei 2019 kun je jouw zorgen over een persoon met verward gedrag melden bij een speciaal daarvoor ingericht meld- en adviespunt (0800-1771). Je kunt het Meld- en adviespunt verward gedrag 24 uur per dag, 7 dagen per week, bereiken voor het stellen van vragen en het doen van een melding bij een ingewikkelde situatie rondom een persoon met verward gedrag. Het gaat dan om een situatie die aandacht verdient, maar niet acuut opgelost hoeft te worden.

Wat is verward gedrag?

Verward gedrag kan bijvoorbeeld voorkomen bij mensen die een psychische aandoening hebben, onder invloed zijn of dementerend. Soms hebben mensen ook andere problemen, zoals schulden, verlies van werk of weinig sociale contacten. Iemand kan ook verward raken na een grote emotionele gebeurtenis. Vaak zoekt iemand uit zichzelf geen hulp.

Hoe doe ik een melding?

Dat kun je telefonisch via 0800-1771 of digitaal via het formulier op <http://www.ggdfryslan.nl/verwardgedrag> doen. De medewerkers van het meld- en adviespunt zijn ervaren professionals die aandacht geven en aan de hand van de juiste vragen de vervolgstappen bepalen. Soms gaan ze zelf naar de persoon over wie het gaat toe om snel passende hulp te kunnen bieden. Dit doen ze zoveel mogelijk in afstemming met instanties die al betrokken zijn. Het meld- en adviespunt zorgt ervoor dat signalen rondom personen met verward gedrag vroegtijdig worden opgepakt. Zo voorkomen ze dat een situatie uit de hand loopt en onnodig onrust en leed veroorzaakt.

Meer informatie

Het meld- en adviespunt is gewenst omdat het aantal meldingen rondom personen met verward gedrag de laatste jaren stijgt. Op dit moment komen veel meldingen bij de politie binnen, maar wanneer er geen sprake is van een strafbaar feit en de veiligheid niet in het geding is, is dit niet de aangewezen instantie. Vaak ligt er onder dergelijke meldingen een zorgbehoefte. Daar kan het meld- en adviespunt bij helpen. Op <http://www.ggdfryslan.nl/verwardgedrag> vind je meer informatie en een animatievideo over hoe het meld- en adviespunt werkt.



Soarch oer immen dy't slim yn 'e war is? Lit it witte fia it Meld- en advyspunt foar betize minsken (Meld- en adviespunt verward gedrag)

Sûnt maaie 2019 kinste dyn soarch oer immen dy't slim yn 'e war is trochjaan oan in spesjaal dêrfoar ynrjochte meld- en advyspunt (0800-1771). Do kinste it Meld- en advyspunt foar betize minsken (Meld- en adviespunt verward gedrag) 24 oeren deis, 7 dagen yn 'e wike, berikke foar it stellen fan fragen en it dwaan fan in melding by in yngewikkelde situaasje oangeande in persoan dy't slim yn 'e war is. It giet dan om in situaasje dy't omtinken fertsjinnet, mar net akkút oplost hoecht te wurden.

Wannear is immen slim yn 'e war?

Minsken kinne bygelyks slim yn 'e war wêze troch in psychyske oandwaning, of as se ûnder ynfloed of demintearjend binne. Soms hawwe minsken ek oare problemen, lykas skulden, of dat se har wurk kwyt reitsje of net folle sosjale kontakten hawwe. Immen kin ek slim yn 'e war reitsje nei in grut emosjoneel barren. Faak sykje sokke minsken út harsels gjin help.

Hoe doch ik in melding?

Dat kinste telefoanysk dwaan fia 0800-1771 of digitaal fia it formulier op <http://www.ggdfryslan.nl/verwardgedrag>. De meiwurkers fan it meld- en advyspunt binne professionals mei ûnderfining. Se jouwe omtinken en oan 'e hân fan 'e goede fragen wurde de ferfolchstappen bepaald. Soms geane se sels nei de oanbelangjende persoan ta om gau passende help biede te kinnen. Dat dogge se safolle mooglik yn ôfstimming mei ynstânsjes dy't al belutsen binne. It meld- en advyspunt soarget derfoar dat sinjalen oangeande betize persoanen op 'e tiid oppakt wurde. Sa wurdt tefoaren kommen dat in situaasje út 'e hân rint en dat der ûnnedich ûnrêst en leed ûntstiet.

Mear ynformaasje

It meld- en advyspunt is yn it libben roppen omdat it oantal meldingen oangeande betize persoanen de lêste jierren tanimt. Op dit stuit komme in soad meldingen by de plysje binnen, mar as der gjin sprake is fan in strafber feit en de feiligens net yn gefaar is, is dat net de oanwiisde ynstânsje. Faak leit der ûnder soksoarte meldingen in soarchferlet. Dêr kin it meld- en advyspunt by helpe. Op <http://www.ggdfryslan.nl/verwardgedrag> fynst mear ynformaasje en in animaasjefideo oer hoe't it meld- en advyspunt wurket.